LC, 15-11-2011, p. 1

Gewoan Frysk

Moarn is Kneppelfreed sechstich jier lyn. It is in dei om stil te stean by de emansipaasje fan it Frysk. In dei om te witten dat it brûken fan de Fryske taal in rjocht is. In dei ek fan respekt foar inoar, sadat it hiel gewoan fûn wurde kin dat minsken hjir Frysk prate.

It hat alles te krijen mei it jaan fan romte. Soks makket it libben lichter. Fan in elts dy't yn dit

It brûken fan Fryske taal is in rjocht

Fryslân wennet of wurket mei ferwachte wurde dat er yn elts gefal besiket om it Frysk te ferstean. Polarisaasje hoecht net, want Fryskpraters kinne hiel reedlik wêze, sy binne wol wend om tusken talen te skeakeljen.

De Ried foar de Fryske Beweging hat foar de betinking keazen foar in kwinkslach. It is gjin taalstriid mear, it is striid foar it Frysk. Om it gewoan te finen dat it Frysk op skoallen brûkt wurdt, om yn winkels yn it Frysk oansprutsen te wurden en op strjitte yn it Frysk te groetsjen.

It brûken fan de wurden molke, sûpe en sûpenbrij troch twa molkehannelers út Aldeboarn wie yn 1951 it begjin fan de taalstriid. Om't it doe net gewoan fûn waard om dy wurden te brûken op molkbussen. Dêr kaam efterwei dat it troch de rjochter ek net gewoan fûn waard om yn de rjochtsseal Frysk te praten.

It wie Fedde Schurer dy't as haadredakteur fan de Heerenveense Koerier de rjochter yn fûle wurden te plak sette. Fanwegen misleding fan de rjochterlike macht krige Schurer it doe sels ek yn it jern. Op 16 novimber 1951 ferdigene hy syn rjocht. In mannichte bûten it Paleis fan Justysje ûnderstreke dat. Doe't it spul waard mei de plysje, wie Kneppelfreed in feit.

Schurer die doe wat Friezen no ek dwaan moatte: wat better foar de Fryske taal opkomme. Soks leit ek by it ûnderwiis. Op basisskoallen moat it troch ûnderwizers gewoan fûn wurde om it Frysk in plak te jaan. Oan de âlden fan de bern leit it net. Sawat trijekwart fynt it goed dat der omtinken foar is. Der binne sechstich jier nei Kneppelfreed genôch minsken dy't steane wolle foar it Frysk. > dejong@lc.nl